



DE NIJE KLAISTER FAN DE KEIZER **(De nieuwe kleedster van de keizer)**

Volwassenen voor kinderen

door

ARIS BREMER

Oerset nei it fryske troch

Klaasje v.d. Veen-de Boer

TOONEELUITGEVERIJ VINK B.V.
(Grimas Theatergrime verkoop)

Tel: 072 - 5 11 24 07

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Website: www.toneeluitgeverijvink.nl

VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **DE NIJE KLAASTER FAN DE KEIZER – DE NIEUWE KLEEDSTER VAN DE KEIZER** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **ARIS BREMER** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

Copyright: 2011 © Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv

Internet: www.toneeluitgeverijvink.nl

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (youtube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: www.ibva.nl

Email: info@ibva.nl

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

Vergunning tot opvoering:

1. Aankoop van minimaal **10** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Vergunning tot HER-opvoering(en):

1. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.

Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.

**Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,
Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.
Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

PERSOANEN:

HARMKE - Prinses Harmonia fan Neistebylân, tydlik begjinnend
klaaister oan it Keizerlik Hof

NARCISSUS - De jonge Keizer, eigenwiis, pronksk en sûnder
ûnderfining

DISSONANTE - Syn taai, soer sjende tante

GARDERIUS - Heechearde Heechste Kleanmaster oan it Keizerlik
Hof

PICOBELLO - Kleanûntwerper (-ster)

SNIDER - Haad fan it Kleanmakersgilde

STOFKE - Haad fan de naaiateliers

PING - Frjemde kleanmakker m/f út Sjina

PONG - Frjemde kleanmakker m/f út Sjina

GIJS - In strjitboefke

DEKOR:

It stik hat **4 spulsitewaasjes**: elke sitewaasje moat apart útljochte
wurde kinne.

De stritte

Yn de seal, foar op it toaniel of foar it doek. Gjin spesjale attributen
of ynrjochting nedich.

De wurkkeamer

Is rjochts situearre, hat 1 op- en ôfgong oan de rjochter kant, in
wurktafel, byg. op skragen, inkeldie ienfâldige stuollen, in
paspoppe, in los keamerskerm. Fierdere ynrjochting nei eigen
ynsjoch.

De troan

Is midden achter situearre. Oare ynrichting nei eigen ynsjoch.

De ytseal

Is links situearre, hat 1 op- en ôfgong oan de linker kant. In rike ytafel mei 2 dito stuollen; in bellekoarde. Oare ynrjochting nei eigen ynsjoch.

In list fan **wat fierder nedich is** stiet achter yn dit tekstboek.

EARSTE BEDRIUW

Sêne 1

(spilet him ôf oan it begjin fan in moaie simmerske jûn earne yn in strjitte)

Harmke, of eins prinsesse Harmonia, komt op troch de seal mei in mobyltsje oan it ear. Se is in noch jonge vrou, modern yn 'e klean en hat in hip kapsel. Se praat mei har mem, de kezinginne fan Neistebylân.

Harmke: Mem! Do harkest net! Fansels ha ik myn jurken net meinaam. Ik gean net nei in feest, ik sil warkje! As se my mei al dy frutsels en trutsels sjogge, ha se daliks troch dat ik in Prinsesse bin. Wat seit mem? (*tsjin de seal*) Ssst! Ik kin ús mem hast net fersteane. Sjoch, ús mem is Keninginne en Keninginnen prate altyd sa deftich en beskaafd en foaral net te lûd. (*yn de tillefoan*) Ja, mem... It wit wol dat mem it net in goed plan fynt. En heit tinkt der ek sa oer; mar ik doch it al! ...Ja, ik fyn jim wol leaf, echt wol! Mar ik trou wier net samar mei de earste de bêste man. Wat seit mem? (*meneuvelt nei de seal dat dy stil wêze moat en harket*) Foar jim is hy wol de earste en de bêste? Ik wit ek wol dat hy Keizer is. Mar mem, ik wol sels sjen oft hy wol sa aardich is as jim sizze, dy Keizer Narcissus. Ik ha him ommer noch noait sjoen... Kin wol wêze dat mem heit ek foar 't earst seach op de dei fan de ferloving, mar dat wol net sizze dat ik dat wol... Goed, jou my heit ek mar eefkes. Hoy, heit!...

Ja, ik bin hast by syn paleis... Jaha..., ik pas wier wol goed op mysels. Pas jo no mar goed op jo keninkryk... Mar ik sjoch dat myn beltegoed hast op is, dat ik kapje hear. Túty! (*tsjin de seal, it mobyltsje noch yn 'e hân*) Dat is net sa hear, noch lang net. Bedankt dat jim sa stil wiene. De ferbining wie net sa goed. Hielendal mei Neistebylân. Ik kom dêrwei, sjoch. En ik sil fuort mar fertelle wa't ik bin. Dan snappe jim alles wat better. Myn namme is Harmonia, mar ik ha leaver dat jim gewoan Harmke sizze. Jim ha fansels al yn 'e gaten dat ik eins in Prinsesse bin, mar wolle jim dat asjebließt net trochfertelle! (*fanút de seal komt Gijss slûpenderwijs op har ta; hy is in strjitboefke yn himd, wide broek en op bleate fuotten*) Sjoch, ik bin no ûnderweis nei it paleis fan Keizer Narcissus, omdat ik dêr oan it wark sil... (*Gijss skuort har de tillefoan út 'e hân*) Hé! Wat moat dat!? Myn Nokia!!.

(Gijs draaft fuort yn'e rjochting fan it poadium, pardoes yn de earmen fan Garderius) In dief! Pak 'em!

Garderius: *(pakt Gijs by in ear fêst)* Snotjonge! Sjoch út wêr 'st rinst!
Sjoch no!! Allegear smoargens en troep op myn kostúm!

Gijs: Limmelos!

Garderius: Myn namme is net Limmelos mar Garderius.

Gijs: Limmelos, Garderius *(Harmke rint nei de twa ta)*

Garderius: *(tsjin Gijs)* Heecharde Heechste Kleanmaster fan it Keizerlijke Hof.

Gijs: Limmelos, hege masterdinges!

Harmke: Dizze jonge hat myn Nokia stellen.

Garderius: Nokia? Wat is dat? In bysûnder stik klean?

Harmke: Nee. Myn mobyltsje. Myn tillefoan.

Garderius: En dy hasto stellen, dogeniet?

Gijs: Net stellen! Allinne mar eefkes liend! Ik moast ús mem belje! Ik bin te let foar 't iten! *(jout Harmke de telefoon werom)*

Harmke: Dan hiest my ek gewoan freegje kinnen ast eefkes belje mochst.

Gijs: Mar ik wie sa yn 'e hurry, hè! Want as ik te let kom, is it iten op en ús mem is dan al wer nei har wurk.

Garderius: Do liichst. Do hast hielendal gjin mem. Hokker mem lit syn bern der no sa by rinne? Yn syn himd, in stikkene broek, smoarge fuotten, en ek noch in snotbongel oan 'e noas.

Gijs: Us mem moat hiele dagen wurkje, want ik ha noch 12 broerkjes en suskes en dy ha allegear in snotnoas!

Harmke: En jim heit?

Garderius: Dit skiep sil wol gjin heit ha.

Gijs: Us heit wurket op de weverij en ús mem op it naaiatelier. Se moatte dei en nacht wurkje om te soargjen dat de Keizer genôch klean hat. Dy patser wol elke dei wat nijs om syn grouwe bealch ha!

(Garderius lûkt bot oan syn ear) Au!!

Garderius: Sa praat men net oer ús earbiedige Keizer, bongel!

Harmke: Hat de Keizer echt in dik liif?

Gijs: It is in dikke fetsa... Au!! *(Garderius knypt yn syn ear)*

Garderius: *(tsjin Harmke)* Jongfaam, in Keizer hat noait in dik liif. Us Keizer Narcissus is in machtich hearser mei in machtich lichem. En dat lichem wurdt klaaid mei machtich moaie klean. Elke dei nije. In machtich hearser kin dochs net yn droegen guod omrinne!

Harmke: Mar klean kinne dochs wosken wurde?

Garderius: Sa'n machtich man kin beslist net yn wosken guod omrinne! De Keizer moat elke dei wat oars oan ha. Boppedat moat

der eltse dei meardere nije pakken foar him klearhingje. Oars soe hy neat te kiezen ha. Dêrom moatte der altyd klean fan de prachtichste stoffen en de sjykste modellen yn syn garderobe hingje!

Gijs: Wat is no wer in garderobe?

Harmke: In soarte fan kleankast, mar dan in hiele grutte. Thús ha ik ek in hiele gr... (*sil har hast ferprate*) O nee, fansels. Thús ha ik mar in lytse kleankast.

Garderius: En oan dit Hof bin ik de heechste kleanmaster!

Harmke: Dan kom ik by jo te wurkjen, menear.

Garderius: Hoesa, by my te wurkjen?

Harmke: Ik bin Harmke en ik ha in beneaming op it paleis. Moarn begjin ik.

Gijs: Kin ik no fuort gean, menear de hege masterdinges?

Garderius: Eins soe ik dy yn 't gefang opslute litte moatte, mar dêr ha ik no gjin tiid foar. (*lit Gijs syn ear los*)

Gijs: (*fielt oan syn ear*) Gelokkich! Myn ear sit der noch oan! (*sil fuortgean*)

Harmke: Wachtsje's! (*Gijs bliuwt stean*) Hoe hijtsto eins?

Gijs: Gijs.

Harmke: Sjoch, nim dizze mar mei, Gijs. (*jout him de mobyl*)

Gijs: Mar...

Harmke: It is better dat ús mem my net mear belje kin.

Gijs: O! Machtich dan kin ik no wol mei myn mem belje!

Harmke: Sa is 't!

Gijs: (*rint by har wei*) Witst wat no sa spitich is, Harmke...

Harmke: Nee?

Gijs: Dat ús mem net iens tillefoan hat. Mar ik ha no wol ien!! (*dravend en laitsjend oan de rjochterkant ôf*) Hahahaha!!!

Garderius: Do bist fierstente goed fan fertrouwen, jongfaam. It is in bern fan de stritte. Mar seisto datsto op it paleis kaamst te wurkjen?... As wat...??

Harmke: Ik ha in oanstelling krige as beginnend klaaister.

Garderius: Soa! Bisto dat! Hoe wie dyn namme ek al wer?

Harmke: Harmke, menear.

Garderius: Gjin menear, dat is te gewoan. Men sprekt my altyd oan mei 'Heechearde Heechste Kleanmaster'.

Harmke: 'Heechearde Heechste Kleanmaster'?

Garderius: Krekt! 'Heechearde Heechste Kleanmaster'! Goed eh...

Harmke. Rin mar mei my mei, nei it paleis. (*geane nei links*;

Harmke sil neist him rinne) Nee, nee, net neist my, achter my oan.

Earst komt de Heechearde Heechste Kleanmaster en fier dêrefter

begjinnende klaisters. Wolst dat goed ûnthalde?
Harmke: (*docht raar nei de seal ta*) Doch ik, Heechearde Heechste
Kleanmaster. (*Garderius giet links ôf, op ôfstân folge troch Harmke*)

Sêne 2

De oare moarns yn de warkkeamer.

Doek iepen. In paspoppe is al foar in part oanklaaid mei hiel kleurige, rykfersierde nije klean. Op de wurktafel lizze noch ferskillende oare stoffen útspraad. Snider en Stofke binne dwaande mei de mantel. It is te sjen dat se grutsk op har wark binne en dêrom showe se dit stik klean ek graach oan it publyk.

Stofke: (*aait nochris oer de stof*) Wat ha ik dit knap naaid! Sa'n moai rjocht stiksel. En dy knoopsgatten! Hast ea sokke prachtige knoopsgatten sjoen. Alle stekjes likegrut en likelang. De Keizer sil bylkje yn dizze klean. Ik bin noch net sa min. Ja, ja, ik kin der wol wat fan!

Snider: Stofke, stofke... Moast net sa opskeppe! Hast it oars ek net allinne makke!

Stofke: Mar ik bin wol it haad fan alle naaiateliers. Ik moat alle oare naisters fertelle hoe 't se de klean ynelkoar sette moatte. Hasto de kraach op dizze mantel wol goed besjoen, Snider?

Snider: Jawis! Wat ha we dêr prachtich glanzgjend brokaat foar weefd. Wy ha der sels eksklusyf sulver foar út Argentinië komme litten en heechweardich goud út Ecuador. Mei de Grutte Parade sil ús Keizer in pronkstik wêze. It wie net maklik om dizze stof te weven, mar ik ha it wer fikst.

Stofke: Krekt as bisto de iennichste hjir dy 't weve kin.

Snider: As lieder fan it weversgilde bin ik de oanwiisse persoan dy 't betinkt hoe't de stof derút sjen moat en hoe 't it op it weeftou set wurde moat. De Keizer stelt hege easken aan syn eigen klean en oan dy fan syn Hofhâlding.

Stofke: En al dy wevers yn 'e fabriken moatte dei en nacht warkje om al dy stoffen te meitsjen. En dan myn naisters; dy moatte sa glûpende hurd warkje dat har fingers der somtiden fan bliede.

Snider: Begjinsto ek al te seuren. De hiele stêd grynt en foetert. Dat wie eartiids net sa! (*mei de mantel wurdt de paspoppe fierder oanklaaid*)

Stofke: Mar doe wie Narcissus ek net sa idioate gek op moaie en nije klean. Doe libbe syn mem de Keizerinne noch.

Snider: As de Keizer doe alris fan sokke bûtenspoarige opstigings hie, dan lake se him gewoan út. "Narcissus is in bytsje dom" sei se dan. "Net eamelje! Lûk dy jas no mar gewoan oan, want dy stiet dy prachtich."

Stofke: Mar ja, mem de Keizerinne libbet net mear... Der binne minsken dy 't sizze dat it better west hie dat syn tante, Prinses Dissonante, op de troan kommen wie.

Snider: Dissonante? Dat hie net bêst west! Dissonante is in âlde soere sitroen yn hobbesekken.

Stofke: Witst dat se bot jaloersk op har neef Narcissus is? Men seit... dat se by it moarnsite al hakketakje. Ik wit it net seker fansels... mar men s...

Snider: Faaks wurdt it better as de Keizer aanst trout.

Stofke: Dêr ha'k sawat fan heard! Se hiene it oer... hoe hiet se ek mar wer? In prinsesse út Neistebylân leau'k...

Snider: Prinsesse Harmonia. Ik wit net of dat wol wat is, Stofke. Neistebylân is wat in luzich landsje.

Stofke: Mar it is wol moai dêr, se kinne prachtige muzyk meitsje, se lêze in soad en der wenje in hiel soad keunstners dy 't de moaiste dingen meitsje.

Snider: Mar se kinne dêr net sokke moaie stoffen weve as wy hjir!

Stofke: En se kinne ek net sokke moaie klean naaie as wy! Dat soarte wark kinne wy yn ús ryk folle better.

Snider: Folle en folle better! Wy binne hjir ek folle better klaaid.

Stofke: Oan it Keizerlike Hof, ja... Mar de minsken yn 'e stêd en op de doarpen rinne yn âlde, oplape broeken en jassen.

Snider: Alle stoffen dy 't we meitsje binne foar it paleis. Sjoch nochris nei dit brokaat! Wat in glâns, wat in skittering, wat in kleur!

Stofke: En dy knoopsgatten. Supèrbe!

Snider: Mei de Grutte Parade sil ús Keizer hjiryn skitterje!

Picobello: (*komt fan rjochts op en pandert nei de paspoppe*) O, o, o!
Picobello! Wat sil dy Keizer super moai wêze yn dit nije ûntwerp fan my!

Snider: Moarn, Picobello. Ha ik net prachtich goudbrokaat brûkt foar dit model?

Picobello: Hmm... ris sjen... (*besjocht de stof kritysk*) Sniderke, Sniderke. No ha jo it sulver brûkt as skearing en it goud as ynslach. Doe't ik dizze kreaasje betocht seach ik foar my dat it goud earst op it weeftou spand wurde soe en dat it sulver der trochhinne weefd wurde soe. Ik ha dat ek dúdlik oanjûn, net wier!?

Snider: Nee!

Stofke: Mar... mar de knoopsgatten, Picobello. De knoopsgatten binne seker wol... picobello?

Picobello: Wolnee, dy binne hielendal net picobello! Ik hie it noch sa sein, Stofke: De knoopsgatten moasten steande, oerein, omheech! Yn harmonije mei de lijn fan de kreaasje! En wat sjoch ik... Der

dwers op! Sa is de hiele lijnenkomposysje bedoarn. Begrypst?!

Stofke: Nee! (*Garderius komt fan rjochts op, mei Harmke achter him oan*)

Picobello: Spitich... dizze missers. Lykwols is it ûntwerp sublym!
Bûtenwenstich slagge! Ik bin benijd wat Garderius der fan fynt!

Garderius: En wat de Keizer der fan fine sil!

Picobello, Snider en Stoffeltsje: (*skrikke, meitsje in lytse bûging*)
Goeie moarn, Heechearde Heechste Kleanmaster, Goeie moarn...

Harmke: Harmke.

Garderius: De nije ûnderoan beginnend klaaister!

Stofke: (*tsjin Harmke*) Moatsto, famke, foar syn ûnderguod soargje?

Harmke: Nee, ûnder betsjut yn dit gefal dat ik net sa'n belangrike klaaister bin.

Picobello: O, do bist dus net belangryk! Mar jo, Heechearde Heechste Kleanmaster, fine jo myn kreaasje net prachtich, sa net sublym?! (*Harmke fielt aan de stof*)

Garderius: Ik tink dat dit wark om 'e nocht west hat.

Picobello, Snider en Stofke: **Wat?!**

Picobello: Binne jo net tefreden?

Garderius: Ik bin net tefreden omdat ik tink dat de Keizer net tefreden wêze sil!

Picobello: It brokaat hie faaks wat subtler kinnen en de knoopsgatten binne wat wonderlik, mar jo sille tajaan moatte, dat it ûntwerp...?

Harmke: Is dit echt sulvertriid en dit, is dit echte goudtriid?

Picobello: Mei de Grutte Parade sil ús Keizer in pronkstik wêze!

Garderius: Ik tink dat ik wol wit wat de Keizer aanst fan dit habyt sizze sil...

Picobello: Ik tink dat er soksawat seit as: 'Yn dizze nieuwe outfit sil ik mei de Grutte Parade te pronk rinne!'

Garderius: Dat tink ik net. Ik tink dat er eefkes nei dizze klean sjocht en dan sizze sil: 'Saai!' En dat seit genoch! Gean dus mar gau oan'e slach. Feroarje noch it ien en oar en besykje it noch wat op te leuken, mar ik jou jim net folle kâns. De presentaasje is hjir oer twa oeren, krekt foar de lunch.

Snider: (*skruten*) Heechearde Heechste Kleanmaster?

Garderius: Snider...

Snider: Eh... oer it jild.

Stofke: Ja, Heechearde Heechste Kleanmaster, dêr woe ik ek wat oer freegje.

Snider: No nearne net om, mar de lêste moannen ha de weverijen fan it paleis gjin jild krigen.

Stofke: En de naaiateliers ek net. Wy kinne de naisters harren lean

al net mear útbetelje.

Snider: De wevers wachtsje ek op harren ferstjinsten.

Garderius: Wat in geëamel oer jild. It soe jim in eare wêze moatte dat jim foar de Keizer wurkje meie. As jim der foar soargje dat hy tefreden is, komt it mei dat stomme jild ek wol goed. (*trêdet wat heechhertich nei de útgong, rjochts*)

Stofke: Mar myn naisters ha blieren op 'e fingers. It bloed komt der hast troch.

Garderius: Wolris tocht oan fan dy fingerhuodsjes?

Snider: En myn wevers ha honger. Se falle hast fan'e graat.

Garderius: Wurde se yn elk gefal net te dik. Kom, wy sille de Keizer foar it moarnsmiel oanklaaie! (*tsjin Harmke*) Folgje my! (*ôf*)

Harmke: (*tsjin de oaren, wiist nei it kostûm*) It is fansels hielendal net 'saai'. Moai fyn ik it net mar...

Garderius: (*bûten sicht*) Harmke!

Harmke: Mar 't is wol hiel knap makke! Doe! (*giet ôf*)

Stofke: Wat in leuke meid!

Snider: Se hat der kijk op, tinkt my!

Picobello: Mar se fûn it net moai... No dan hat se dus gjin smaak! (Se *geane allegear nei de paspoppe ta en bepiele wat oan it kostûm; ljochten dimme*)

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via
www.toneeluitgeverijvink.nl de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.



info@toneeluitgeverijvink.nl



072 5112407



“Samenspelen” is ons motto